

PERSBERICHT



Nummer: 120 TB
Datum: 5 november 2024

Gaswinning uit het gasveld Fryslân Follega Woudsend heeft geen draagvlak: doe het niet!

Met de sluiting van het Groninger gasveld is de focus op bestaande en nieuwe gasvelden in Fryslân komen te liggen. Fryslân is daarmee op land het nieuwe 'wingewest' van Nederland. Het ministerie van Klimaat en Groene Groei gaat over gaswinning. Samen met Vermilion Energy B.V. onderzoekt het ministerie de mogelijkheden voor aardgaswinning in een nieuw gasveld dat gelegen is in een strook van Woudsend tot aan het Tjeukemeer. Het door het ministerie gestarte participatieproces laat zien dat er geen draagvlak is bij inwoners en de Friese Mijnbouwtafel (Wetterskip, gemeenten en provincie). De provincie is van mening dat gaswinning onwenselijk is in Fryslân.

Gaswinning leidt tot bodemdaling en de gevolgen hiervan zijn onomkeerbaar. In het gebied is al sprake van bodemdaling door veenoxidatie. Er zullen hierdoor extra en onverantwoorde problemen en beperkingen ontstaan ten aanzien van waterbeheer, drinkwaterwinning, natuur, agrarisch gebruik, bereikbaarheid, etc. Dit moet later voor zover mogelijk hersteld of gecompenseerd worden met enorme kosten en juridisch getouwtrek tot gevolg.

Derde van opbrengst naar regio

Gedeputeerde Friso Douwstra: *"Er is geen draagvlak voor gaswinning in Fryslân. We maken ons hier grote zorgen over. De cumulatieve – gestapelde - effecten zijn onduidelijk en risicovol en het levert onomkeerbare schades op die bovendien moeilijk te bewijzen zijn. Mocht de minister toch doorzetten dan hanteert Fryslân de Friese norm: van iedere verdiende euro vloeit minimaal een derde terug naar de regio. Dit is uiteraard bovenop een 100% compensatie van opgetreden mijnbouwschade door bodemdaling en vervolgschade. Voorkom onomkeerbare Groningse toestanden. Nieuwe of extra gaswinning in Fryslân? Doe het niet!"*

Lokale overheden hebben geen beslissingsbevoegdheid in het wel of niet winnen van gas. Daar gaat alleen de minister van Klimaat en Groene Groei over. Wel kunnen lokale overheden advies en/of een inhoudelijke reactie geven. De provincie Fryslân doet dit actief. Zowel mondeling als schriftelijk is er contact met het ministerie en worden er negatieve adviezen gegeven. Waar mogelijk laat Fryslân ook de komende periode zijn stem horen.

Versnelling veenoxidatie, verdroging en verzilting

De beoogde gaswinning bij Follega/Woudsend ligt midden in het veenweidegebied. In dit gebied is door veenoxidatie al sprake van bodemdaling. Deze daling zorgt voor het zogenaamde 'badkuipeffect' waarbij water vanaf de hoge delen uit de provincie naar de lage delen loopt. Op de hoge zandgronden treedt hierdoor verdroging van de bodem op. Een ander effect is dat de verzilting van het grondwater versnelt. Hierbij stroomt zout zeewater vanuit de Waddenzee en Noordzee via de diepe grondlagen onder de dijken door naar de lage delen van de provincie.

Om veenoxidatie, verzilting en verdroging tegen te gaan zijn hogere waterpeilen in de veenweidegebieden nodig. Hierdoor ontstaat tegendruk en worden de processen geremd. Het verlagen van de peilen is dus geen goede en houdbare oplossing meer. Wetterskip Fryslân heeft aangegeven de peilen niet meer ten behoeve van gaswinning te willen verlagen. Gaswinning in veenweidegebieden leidt dus tot snellere bodemdaling en daardoor tot het stapelen van problemen in het gebied.

Nûmer: 120 TB
Datum: 5 november 2024

Gaswinning út it gasfjild Fryslân Follegea Wâldsein hat gjin draachflak: doch it net!

Mei de sluting fan it Grinzer gasfjild is de fokus op besteande en nije gasfjilden yn Fryslân kommen te lizzen. Fryslân is dêrmei op lân it nije 'wingewest' fan Nederlân. It ministearje fan Klimaat en Groene Groei giet oer gaswinning. Tegearre mei Vermillion Energy B.V. ûndersiket it ministearje de mooglikheden foar ierdgaswinning yn in nij gasfjild dat lein is yn in strook fan Wâldsein oant de Tsjûkemar. It troch it ministearje gestarte partisipaasje proses lit sjen dat der gjin draachflak is by ynwenners en de Fryske Mynboutafel (Wetterskip, gemeenten en provinsje). De provinsje is fan betinken dat gaswinning ûnwinsklik is yn Fryslân.

Gaswinning liedt ta boaiemdelgong en de gefolgen dêrfan binne net mear te kearen. Yn it gebiet is al sprake fan boaiemdelgong troch feanoksidaasje. Dêrtroch sille der ekstra en ûnferantwurde problemen en beheiningen ûntstean oangeande wetterbehear, drinkwetterwinning, natuer, agrarysk gebrûk, berikberens, ensfh. Dat moat letter foar safier mooglik wersteld of kompensearre wurde mei enoarme kosten en juridysk toutrek ta gefolch.

Tredde fan opbringst nei regio

Deputearre Friso Douwstra: *“Der is gjin draachflak foar gaswinning yn Fryslân. We meitsje ús hjir grutte soargen oer. De kumulative - steapele - effekten binne ûndúdlik en risikofol en it leveret ûnomkearbere skea op dy't boppedat dreech te bewizen is. Mocht de minister dochs trochsette dan hantearret Fryslân de Fryske noarm: fan elke fertsjinne euro floeit minimaal in tredde werom nei de regio. Dat is fansels boppe-op in 100% kompensaasje fan optreden mynbouskea troch boaiemdelgong en ferfolchskea. Foarkom ûnkearbere Grinzer tastannen. Nije of ekstra gaswinning yn Fryslân? Doch it net!”*

Lokale oerheden hawwe gjin foech om te besluten yn it al of net winnen fan gas. Dêr giet allinnich de minister fan Klimaat en Groene Groei oer. Wol kinne lokale oerheden advys en/of in ynhâldlike reaksje jaan. De provinsje Fryslân docht dit aktyf. Sawol mûnling as skriftlik is der kontakt mei it ministearje en wurde der negative advizen jûn. Wêr mooglik lit Fryslân ek de kommende perioade syn stim hearre.

Fersnelling feanoksidaasje, ferdrûging en fersâlting

De beëage gaswinning by Follegea/Wâldsein leit midden yn it feangreidegebiet. Yn dit gebiet is troch feanoksidaasje al sprake fan boaiemdelgong. Dy delgong soarget foar it saneamde 'badkuipeffekt' wêrby't wetter fan de hege dielen út de provinsje nei de lege dielen rint. Op 'e hege sângrûnen giet dêrtroch ferdrûging fan 'e boaiem op. In oar effekt is dat it sâlter wurden fan it grûnwetter hurder giet. Dêrby streamt sâlter seewetter út de Waadsee en Noardsee wei fia de djippe grûnlagen ûnder de diken troch nei de lege parten fan de provinsje.

Om feanoksidaasje, fersâltning en ferdrûging tsjin te gean binne hegere wetterpeilen yn de feangreidegebieten nedich. Dêtroch ûntstiet tsjindruk en wurde de prosessen remme. It ferleegjen fan de peilen is dus gjin goede en hâldbere oplossing mear. Wetterskip Fryslân hat oanjûn de peilen net mear foar gaswinning ferleegje te wollen. Gaswinning yn feangreidegebieten liedt dus ta rappere boaiemdelgong en dêtroch ta it steapeljen fan problemen yn it gebiet.